

# It Fonteineliët

(tekst & muzyk: Wim Beckers)

Us stêden lizze as beakens	G – C
lâns wetter hân yn hân	D – G
dat is ús Fryske eigen	Em – C
en foarmje in sterke bân	Am – D
Se ha elk har fonteinen	G – C
elk mei syn ferhaal	D – G
oer ús gea en wêzen	Em – C
echt ynternasjonaal	Am – D

<u>Refrein:</u>	As ik oan Fryslân tink	G – D
	tink ik oan ús alve stêden;	C – G
	elk mei syn karakter	Em – C
	grachten en fontein	A – D
	Dat bin diamanten	G – D
	mei ferline en mei takomst	C – G
	strieljend yn it sinneljocht;	Em – C
	wol'k hjir nea wer wei	D – G

It wiene minsken mei dreamen  
wrotters; de kop der foar  
Dy't net ryk wienen  
mar se gongen der wol foar  
Oertsjûge fan har kinnen  
wat men te bieden hie  
krigen hja stedsrjochten  
omdat elk syn mantsje stie

## Refrein:

<u>Tusken:</u>	As ik in fûgel wie soe ik fleane	Em – A
	Oer it wetter en oer lân	Em – A
	Wie'k net bûn oan grinzen	Em – A
	en koe ik oeral telân'	C – D
	Liet de klokkenklanken klinke	Em – A
	liet se daverje oer ús gea	Em – A
	Us Fryske lân dat brûzet	Em – A
	yn al syn hear en fear!	C – D – E

<u>Refrein (2x):</u>	As ik oan Fryslân tink	A – E
	tink ik oan ús alve stêden;	D – A
	elk mei syn karakter	Fism – D
	grachten en fontein	B – E
	Dat bin diamanten	A – E
	mei ferline en mei takomst	D – A
	strieljend yn it sinneljocht;	Fism – D
	wol'k hjir nea wer wei	E – A